

Fan klimme (en falle) yn de bosk nei wethâlder yn DFM

Hikke en tein yn Easterwâlde, wenjend oan 'e râne fan de bosk, hat de leafde foar natoer, omjouwing, romte en mienskip har stevich ferankere. Myn âlden kamen fan Den Haag mar de genen fan beppe van der Velde (Ljouwert) wiene sterk genôch, dat ús heit en mem der foar keazen hawwe om har beide soannen yn Fryslân opgroei te litten. Dêr bin ik se geweldich tankber foar.

Klimme (en falle) yn de bosk, op 'e fyts nei de Lytste mar altyd tsjin de wyn yn, de earste flirts op de camping fan Appelskea. De romte en natoer, it wie sa fanselssprekkend. As lyts jonkje jild helje by de bank sûnder ID of paske en op 'e wei wêrom lâns bakker Huneman om bôle. Mei in stikje Fryske latte foar ûnderweis. Wykeins mei heit te silen en surfen op de Tsjûkemar.

It klinkt nostalgysk en miskien is it dat ek wol. It hat yn elts gefal de basis lein foar myn ynset yn de mienskip en polityk. De wrâld om ús hinne feroaret yn rap tempo, wat is goeie fernijing en wat moatte wy bewarje, wat moatte wy koesterje en bewake.

Al jierren wenje myn dochter en ik op 'e Lemmer. Neist wurk sûnt 2010 riedslid yn earst Lemsterlân en letter De Fryske Marren. Mei spesjalismen finânsjes en rekreaasje/toerisme binne der prachtige dingen berikt en behâlden. Utwreiding op lytse skaal fan rekreaasje, fernijende kânsen foar bedriuwen en in hiel deeglik en stabyl finansjeel belied. Mar ek it oant no ta noch altyd suksesfol tsjinhâlden fan sânwinning yn de Iselmar. Dat is de sône balâns tusken fernije en behâlde en is ek in basis foar de FNP. Manmachtich ha wy ús mei sukses fersetten tsjin de yndustrialisaasje fan ús grutste drinkwetter- en wetternatoergebiet, mei alle gefaren fan fersilting. Ik begryp it belang fan sân foar de bou, ha sels yn de bousektor wurke. Mar at wy mear as 50 jier lyn al minsken op de moanne sette koene, moat der ek in manier wêze om bouwe te kinne sûnder ús natoer ôf te brekken.

Nei tolve jier as riedslid kaam yn 2022 de geweldige kâns om wethâlder te wurden. Dêr hoegde ik net lang oer nei te tinken, mei folle oertsjûging fanút holle en hert oan 'e slach foar de FNP en al ús ynweners. En dêrmei ek foar myn dochter, dy't opgroei kin mei natoer, romte, wetter en mienskip. En bewake dat se klimme (en falle) kin.

Niks nostalgy, it sit ús allegearre yn de genen. En is aktueler as oait.

Oktober 2023

Remboud van Iddekinge